

Novimber 2023

de kritekoer



nijs fan

selskip 'Mei Inoar Ien'

te Utert, Seist en omkriten



De Kritekoer jiergong 68 nr. 5

Wat sit der yn de koer?

Programma 2023-2024

Datum	Lokaasje*	Begjintiid	Programma
sneon 9 des. 2023	Utrecht-B	14.00 oere	Advintsmiddei: In gesellige middei (mei ferhalen, gedichten, kwis, ensf.) mei lekker iten en drinken. Sjoch side 7.
sneon 13 jan. 2024	Utrecht-B	16.00 oere	Nijjiersbesite: Waarm ite mei trije soarten stampptot; sjoch side 8 en 9. Fierder bydragen (foardrachten, ferhalen) fan eigen leden. Sjoch oprop side op 4.
sneon 2 mrt. 2024	Seist-N	14.00 oere	Kabaret: Hymf Hamp Teater mei har nijste programma
sneon 6 apr. 2024	Seist-N	14.00 oere	Musyk: In muzikale middei fersoarge troch musykduo Friersk

*Seist-N = Noorderlichtkerk, Zeist; Utrecht-B = Bijkershoek, Utrecht

Meidieling bestjoer

Der is al moai wat jild binnen kaam oan kontribúsje en frijwillige bydragen foar de krite. In grut diel fan de leden hat al betelle, no **de lêste 35** noch!

Boun om Utens

(www.fryskbutenfryslan.fr!)

De jierlikse dei fan it Boun mei de Algemiene Gearkomste en Moetings- en Ynspiraasje-middei is op **sneon 16 maart 2024 yn Meppel**. Gastkrite is de krite Meppel, dy't op 24 febrewaris o.s. har 100-jierrich jubileum fierd.





Fan de foarsitter

No, dan binne wy al wer drok dwaande mei de Kritekoer fan desimber. De lêste fan dit jier. Hjiry binne twa kritemiddeis opnommen: de advintsmiddei op 9 desimber en de nijjersgearkomste op 13 jannewaris 2024. Wat in ein fuort allebeide! Mar wy witte allegearre, dat de tiid gjin skoft hâldt! Dat is no wol wer dúdlik wurden. Nei alle rein dy 't wy hiene, is it hjir hjoed droech en skynt it sintsje! In ferromming.

Juster wie ik yn Ljouwert. Dêr wie in middeisfoarstelling fan 'De Tocht'. Myn bern hiene dat foar my betocht, noch foar myn jierdei. It wie skitterjend en ik haw geniete. Myn bern ek, hear, want dat hawwe se eartiids mei de brijleppel yngetten krigen! Wy soene jûns mei skoandochter en skoansoan in hapke ite. Wy wienen der op 10 minuten nei en doe krige de auto fan myn soan in klapbân. In klap wie dat, mar wy stiene yn ien kear stil. Wol by in bushalte, wêr 't allinne troch de wike in bus kaam, hearden wy achterôf! De Wegewacht skille. Dy hiene it drok! It hat trije(!!) oeren duorre, foardat er ien kaam. Wy binne ophelle troch myn skoansoan, gelokkich. Myn soan is yn de maleur-auto sitten bleaun en hat noch wat oerbleaune broadsjes iten. Hawar, om 21.00 oere kaam hy der oan en hat noch efkes lekker meiten. Dat wie in spitich ein fan wat sa'n moaie dei wie. Mar it wie net oars. Gjine ien kin dêr wat oan dwaan, soks bart no ien kear wol ris.

Fierderop yn de Kritekoer fine jim alle bysunderheden oer ús kommende gearkomsten. Ferjit net om jim op te jaan foar it iten op 13 jannewaris 2024 troch de ynlis te beteljen!

Der binne der noch al wat leden siik, griperich foaral. Ik winskje jim allegear betterskip ta en hoopje jimme op ien fan de kritegearkomsten te begroetsjen.

Mei in hertlike groet,
Pietie Westdijk-Kaastra





OPROP foar de nijjiersbesite op 13 jannewaris 2024

It liket it bestjoer aardich ta, om de eigen leden wer ris wat nei foaren bringe te litten op in kritermiddei. Sa'n programma fine wy wol geskikt foar ús nijjiersbesite. Eltse bydrage leafst net langer as 5 minuten! Hawwe jo wat nijsgjirrichs meimakke, hawwe jo in moai ferhaal of in bysûndere anekdoate? En wolle jo dit nei foaren bringe op de nijjiersbesite? Jou jo dan op by foarsitter Pietie Westdijk: 06-5316 4098.



Ferfier nei kritermiddei of kritejûn

Wy hawwe mei inoar ôfpraat, dat elkenien nei elke gearkomste komme kinne moat. Dêrom ride der nei alle kritermiddeis en kritejûnen auto's dy't jo ophelje kinne: **Fryske taksy's!**

Om mei te riden kinne jo jo opjaan by Trieneke Vos (030 – 691 6081), uterlik op de tiisdei foar de gearkomste. Wurdt de tillefoan net opnommen? Besykje it dan letter noch in kear, of sprek dizze boadskip yn:

“Mei Ik wol kommende sneon graach meiride mei de Fryske taksy. Myn telefoannummer is “

Wy soargje foar it nedige tal auto's. Jo wurde ophelle by de foardoar en krije te hearren hoe let jo klear stean moatte.



Wolle jo ek wol in kear **Fryske-taksy-sjauffeur** wêze of hawwe jo noch in plakje oer yn de auto? Jou dit dan troch oan it bestjoer of nim sels in oar kritelid mei!

*Elkenien kin meidwaan;
wy binne Mei Inoar Ien!*



De middei oer de feehannel en feemerken yn Fryslân (4 novimber 2023)

De sprekker Siebren van der Zwaag fertelde dat er út in famylje fan feehannelers kaam: dit wie de famylje Pilat, syn mem wie in Pilat. Syn maat Ton Lokker is in neef fan him. Beide ha in sit hân yn it skriuwerskollektyf fan fiif minsken dy't it tsjokke boek oer de feehannel en feemerken gearstald ha.

De Pilats kamen oarspronklik út Dútslân. Se hawwe har fêstige yn it easten fan Fryslân. Syn oerpake kaam út Sânbulten. Wy krigen in protte bysûnderheden te hearren: oer de funksje fan de feehannel, de gebrûken, it grutte ferskaat oan feemerken. Doe't it ferfier noch sûnder auto gie, wienen der in protte feemerken. It fee moast rinnendewei nei de merke brocht wurden. Letter koe dit mei fyts, (fracht-)auto, boat en soms mei de trein. Nei't it ferfier oer gruttere ôfstân pleats fine koe, kamen der minder feemerken. Foar in goede hannel moast it oanbod ek grut genôch wêze.

Wy ha in protte moaie plaatsjes sjoen en nijsgjirrige saken heard, bygelyks: de feehanneler hie in portefúlje yn de binnenbûse en dy siet fêst oan in ketting. Alles waard kontant betelle. Omke Pilat hie der ek in noch in gedicht yn sitten mei de titel 'Ode aan de veehandelaar.'

It bekende boek 'Pake Sytse' fan Rink van der Velde blykt basearre te wêzen op Sytse Pilat.

Koartsein, in slagge middei oer in bysûnder ûnderwerp!

Jan Piet

Hanklappende feekeaplju
David van Kampen

Leeuwarden, Sophialaan, foar Achmeatoren
Boarne: www.omropfryslan.nl





troch de kjeld hinne

as de blêden giel wurde
de klamme kjeld
oer it lân lûkt
yn 'e bonken op krûpt
har dêr fêstset
my oan it hert ta
klommerjen docht

longerje ik nei
in knappende
knisterjende fjoergloede

in waarme tekken fan leafde

aukje wijma



ynstjoerd troch Ida Knobbe





It bestjoer fan **SELSKIP MEI INOAR IEN**
nûget jimme út foar in gesellige middei:

ADVINT, in middei foar de Krysttiid



Wy folje dizze middei mei gesellige saken sa as in kwis, sjonge, in ferhaal, ensfh. Der is lekker iten en drinken, bygelyks poeiermolke en oare drankjes, der binne bofferts, bakt troch twa bestjoersleden en oare lekkere hapkes!

Fersit dizze noflike middei net!

Datum:	Sneon 9 desimber 2023
Lokaasje:	Woonzorgcentrum De Bijnkershoeke, Van Bijnkershoecklaan 250, Utrecht
Hoe let:	13.30 oere oant sa'n 15.30 oere
Ynlis	€ 5,00; graach mei past jild betelje
Fryske taksy:	Uterlik tiisdei 4 desimber 2023 opjaan, sjoch side 4

Dizze middei ek ferkeap healsliten Fryske boeken!



It bestjoer fan **SELSKIP MEI INOAR IEN**

nûget jimme út foar de

NIJJERSBESITE

op sneon 13 jannewaris

2024

Sa as wensich, is der waarm iten. Jo kinne kieze út trije soarten stampot: boerekoal, suerkoal en hutspot. Drankjes, kofje en tee binne fergees.

Programma

- 16:00 oere: Untfangst mei in drankje en nijjierje
Hjirnei: Nijjierspraatsje foarsitter en bydragen leden (foardrachten, ferhalen ensfh.). Opjaan by de foarsitter, sjoch side 4.
17:30 oere: Waarm iten
± 20:00 oere: Wer op hûs oan

- Datum:** Sneon 13 jannewaris
Plak: Woonzorgcentrum De Bijnkershoek,
 Van Bijnkershoeklaan 250, Utrecht
Tiden: 16:00 oant sa'n 20:00 oere
Kosten iten: € 12,50
Betelje: Uterlik 3 jannewaris 2024
Fryske taksy: Uterlik tiisdei 9 jannewaris opjaan, sjoch side 4





Bysûnderheden Nijjersbesite sneon 13 jannewaris 2024

It bestjoer organisearret in waarm miel, fersoargje troch de keuken fan De Bijnkershoek. It miel bestiet út sop, 3 soarten stampot (boerekoal, suerkoal en hutspot) en in neigesetsje. De kosten fan it iten binne € 12,50. Fierder is der foar dizze middei gjin ynlys en binne alle konsumpsjes fergees. Foar de ynkeap en organisaasje fan it iten is it nedich, dat jim jim oanmelde.

Oanmelde kin troch € 12,50 per persoan oer te meitsjen op rekken NL05 INGB 00 00 194027 o.n.f. Selskip Fryslân. Dizze betelling moat **uterlik 3 jannewaris 2024** byskreaun wêze! Foar it trochjaan fan dieetwinken en foar fragen graach belje mei Pietie Westdijk, 06 - 5316 4098.

Desimberpuzel


Yn de lêste moanne fan it jier geane wy fan it iene feest nei it oare: Sinteklaas, krysttiid en dan ek noch âld en nij! Binnen en bûten genietsje wy fan wintersk iten en drinken én fan in soad tradisjoneel desimber-lekkers. Jo fine it allegearre yn dizze puzel. Foar elts wurd krije jo in omskriuwing of (kryptyske) oanwizing en it tal letters tusken heakjes. As jo de goede wurden ynfolje, lêze jo fan boppe nei ûnderen wat it bestjoer tsjin alle leden seit!

- | | | |
|---|---|--|
| 1. Fan Unox of HEMA (5,6) |  | 13. Ytber kado yn'e skoech (14) |
| 2. Fruitfreon fan nr. 11 (8) | | 14. Tolve-oere-bubbels (9) |
| 3. Krûdich, mei of sûnder mangels |  | 15. Waarme wyn, Dútsk (7) |
| 4. Feest fan twa dagen (9) | | 16. Miter-man (10) |
| 5. Sêfte koeke, mei krûden en anys (7) |  | 17. Hannenfol, lyts, krokant en healrûn (10) |
| 6. Jenever trutsen op krûden (11) | | 18. 2023 wurdt 2024 (10) |
| 7. Hite sitroendrank (5) | | 19. Waarme suvel mei kakao (11) |
| 8. Nijjerswafeltsje út Grins en Drinte (9) | | 20. Iten en drinke op it iis (5,2,5) |
| 9. Langwerpich, fan blêdedaai en spiis (11) | | 21. Grien sop fan splitearten (5) |
| 10. Ienpansgerjocht (8) | | 22. Rûn, fan daai, sûkelade of skûm (12) |
| 11. Bolfoarmich op âldjiersjûn (9) | | 23. Stikje fan 'e baarch (8) |
| 12. Stol (9) | | |



Siswizen oer it winterwaar

1. Lit de winter mar komme, sei de man – en hy hie (mar) twa turven en in houtsje.
Meitsje dy gjin soargen foar de dei fan moarn.
2. Op redens sjocht men gjin luie lju.
3. Riden is toarstich wurk, sei it âldwyfke – en se stie mei ien foet op 't iis.
Betsjut û.o: minsken dy't gau krimmenearje en eamelje.
4. It is koel en brodzich, sei de man, en hy rûn mei bleate fuotten op it iis.
5. Ien skierroek makket noch gjin winter.
Ien gefal makket noch gjin algemienheid.
6. De bêste nôten komme altyd troch de winter.
Degelike minsken trochsteane tsjinslach it bêste.
7. As âlde froulju op it iis komme, wol it teie.
It waar slacht om.
8. Op âld iis friest it fûl.
Wêr't noch in blinkje is fan eardere gevoelens, gewoanten of gebrûken, dêr is de kâns dat se wer opkomme en dan noch hechter hâld fine as eartiids.
9. As de keallen op it iis dûnsje, tsjernet men gjin reabûter.
Men moat rekkening hâlde mei de omstannichheden.



Ynbrocht troch Trieneke Vos





KONTAKT

Postadres

Krite Mei Inoar Ien, p/a Langeweg 75, 4133 AT Vianen

Bestjoer

Foarsitter: Pietie Westdijk-Kaastra, (06) 5316 4098, pcwestdijk@planet.nl

Skriuwer: Jan Piet Bergmans, (06) 2718 4195, j.p.bergmans@casema.nl

Ponghâlder: Harke Hofman, (0347) 377 703, harkemarga@gmail.com

Bestjoerslid: Gerrita Otten-Onrust, (06) 2519 0166, g.onrust1@gmail.com

Bestjoerslid: Trieneke Vos, (030) 6916 081, tvos51@kpnmail.nl

Aldereinsaken

Pietie Westdijk-Kaastra, (06) 5316 4098, pcwestdijk@kpnmail.nl

Trieneke Vos, (030) 6916 081, tvos51@kpnmail.nl

Assistinsje gearkomsten

Nieske Schurer

Bank

NL05 INGB 000 0194 027 o.n.f. 'Selskip Fryslân' te Utert

Ha jo in bydrage foar de Kritekoer?

Graach ynleverje by de skriuwer!

Slutingsdatum kopij:

23 jannewaris 2024

